

Examen HAVO

2014

tijdvak 1
maandag 26 mei
13.30 - 16.00 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 33 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 44 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer is aangegeven hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

Tekst 1 Serious gaming

- 1p 1 Wat is de wichtichste funksje fan alinea 1 foar de tekst?
A Alinea 1 is in gearfetting.
B Alinea 1 is in konklúzje.
C Alinea 1 jout de oanlieding.
D Alinea 1 jout de probleemstelling.
- 1p 2 Sitearje it sindiel dat de kearn fan alinea 2 foarmet.
- 1p 3 Wat is it ferbân tusken de sinnen “De Japanners ... yn Amsterdam.” (r. 35-36) en “Yn Tokyo ... te kommen.” (r. 37-40)?
De twadde sin
A is in foarbyld by wat yn de earste sin bewearde wurdt.
B leit út wat yn de earste sin bedoeld wurdt.
C lûkt in konklúzje út wat yn de earste sin sein wurdt.
D sprekt tsjin wat yn de earste sin steld wurdt.
- 2p 4 Neam twa foarbylden fan dat efterhelle imago. Helje dyn antwurd út de alinea's 1 oant en mei 4.
“It efterhelle imago fan de game-yndustry kin dus al lang de jiske-amer yn.” (r. 13-15)
- 1p 5 Sitearje de sin dy't in definysje fan 'serious games' jout.
- 1p 6 Hokker wurdt omskriuwt de aktiviteit dy't oan it eigentlike ûntwerpen foarôfgiet? Helje dyn antwurd út alinea 6.
- 2p 7 Neam twa foardielen fan it spultsje dat Grendel Games ûntwikkele hat foar bern mei in serebrale parese (alinea 7).
- 1p 8 Sitearje út de tekst in oar wurd foar 'laparoskopy' (r. 174).
Grendel Games operearret ynternasjonaal.
- 2p 9 Jou de twa foarbylden dêrfan dy't yn de tekst neamd binne.
- 2p 10 Yn hokker trije alinea's wurdt mear ferteld oer in tal serious games dy't Grendel Games ûntwikkele hat?
- 2p 11 Wêryn ferskilt de doelgroep út alinea 8 mei de earder neamde doelgroepen?

- 1p 12 Wat hat de skriuwer as wichtichste skriuwdoel foar eagen?
A ferdivedearje
B ynformearje
C oantrune
D oertsjûgje

Tekst 2 Drinkende bern: sloppe âlden

- “It is altyd itselde ferske.” (r. 1)
- 1p 13 Omskriuw mei eigen wurden wat dat ferske ynhâldt.
Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p 14 Wat is it ferbân tusken “Mar freegje ... se drinke.” (r. 6-9) en de alinea’s 2 en 3?
Yn de alinea’s 2 en 3
A bringt de skriuwster in nuansearring oan by de bewearing.
B ferbynt de skriuwster in konklúzje oan de bewearing.
C leit de skriuwster út hoe’t se by de bewearing komt.
- 1p 15 Wat wie neffens alinea 4 de reaksje fan Petra Hoekstra op de ûnderfiningen fan de skriuwster?
A Se lei de redenearring fan âlden út.
B Se naam it op foar de bern.
C Se tocht dat der neat oan te dwaan is.
D Se wie der net al te besoege oer.
- “Mar blykber leinen dy har der dochs by del, dat harren eigen jonge de iene nei de oare jûn smoardronken thúskaam.” (r. 24-27)
- 2p 16 Neam twa redenen wêrom’t âlden hjir neffens Hoekstra net folle tsjin ûndernimme.
- “En sjoch ... dyn bern.” (r. 41-46)
- 1p 17 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwster hjir?
A irony
B metafoar
C paradoks
D understatement
- 2p 18 Sitearje út alinea 6 de sin dêr’t de skriuwster in objektyf argumint yn jout foar it ferbieden fan alkohol oan jongeren.

- 1p 19 Fan wa binne de wurden yn it tekstpart “Tsjin in ... of acht.” (r. 59-66)?
- A fan âlden
 - B fan jongeren
 - C fan Petra Hoekstra
 - D fan skriuwster Jantien de Boer

- 1p 20 Wat is neffens de skriuwster it swakke punt fan de jongeren?

Yn alinea 7 draacht de skriuwster in oplossing oan om it alkoholgebrûk ûnder jongeren oan te pakken.

- 2p 21 Hokker twa eleminten befettet har oplossing?

“As in puber fan syn âlden net drinke mei, leart er dat er om frisdrank freegje moat.” (r. 75-78)

Yn alinea 8 neamt de skriuwster lykwols in probleem.

- 1p 22 Hokker probleem neamt sy?

De skriuwster jout yn de alinea's 7 oant en mei 9 in seistal negative kwalifikaasjes oangeande it hanneljen fan âlden dy't it brûken fan alkohol by jongeren net ferbiede.

- 3p 23 Notearje 5 kwalifikaasjes.

Teksten kinne bestean út:

- 1 feiten
- 2 mieningen fan oaren
- 3 de miening fan de skriuwer

- 1p 24 Wat komt foar yn dizze tekst?

- A 1 en 2
- B 1 en 3
- C 2 en 3
- D 1, 2 en 3

- 1p 25 Wat is de haadgedachte fan de tekst?

- A Alden en bern dy't beide alkohol drinke, binne beide superstom.
- B Alden fan wa't de bern op jonge leeftyd alkohol drinke meie, binne slop.
- C Alden moatte jongeren ferbiede om alkohol te drinken oant se âld genôch binne om ûnôfhinklik in kar te meitsjen.
- D Alkohol bringt net te ferhelpen skea ta oan it brein fan jongeren.

- 1p 26 Watfoar tekstsoarte is de tekst 'Drinkende bern: sloppe âlden'?

- A It is in riddenearring.
- B It is in skôging.
- C It is in útiensetting.

Tekst 3 Help, de fyts ferhippet

- 1p 27 Wat is it ferbân tusken “De measte ... thús dwaan.” (r. 15-17) en “Fyts op ... is makke.” (r. 17-19)?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in konkludearjend ferbân.
 - C It is in redenjouwend/oarsaaklik ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.

Yn alinea 1 stiet dat der yn Nederlân gjin demokratysker ferfiermiddel is as de fyts.

- 1p 28 Sitearje de sin út de alinea's 2 oant en mei 6 dy't dat demokratyske aspekt werjout.

“Mar it nivellearjende fan de fyts, it oer-Nederlânske elemint, ferdwynt ek.” (r. 70-72)

- 1p 29 Wêr docht dat út bliken?

Dizze ynlieding heart by de fragen 30 en 31.

Kuipers en Van der Laan pleitsje yn de alinea's 8 oant en mei 12 beide foar it 'gewoan' hâlden fan de fyts.

- 1p 30 Hokker argumint jout Kuipers yn alinea 10?

- 2p 31 Hokker twa arguminten jout Van der Laan yn de alinea's 11 en 12?

- 1p 32 Wat is it wichtichste skriuwoel fan de tekst?

- A ferdivedearje
- B ynformearje
- C oertsjûgje

- 1p 33 Hoe wurdt de titel 'Help, de fyts ferhippet' it bêste ferklearre?

- A De fyts wurdt hieltyd mear in artikel foar in bepaalde maatskiplike klasse.
- B De fyts wurdt yn Nederlân hieltyd faker troch de auto ferfongen.
- C De fyts wurdt ynternasjonaal in hieltyd wichtiger ferfiermiddel.
- D De fyts wurdt te djoer foar de gewoane man.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.